

19-4-'88

# 'T SKIEPPE~ STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

## 12e Jiergong

## "It Skieppesturtsje"

No. 4, 1988

REDAKSJE: Ineke Feenstra-Sijbesma, tel. 9277  
                  Syske Dijkstra-Bouwhuis,     ,, 2968  
                  Richtje Speerstra-Bakker,     ,, 2635  
                  Rients van Buren,             ,, 9280

TYPE- EN STENCILWURK: Thea Dam-Ruiter.

OMSLACH: Albert van Lingen jr., Wergea.

**REDAKSJE-ADRES:** Ineke Feenstra, Singel 2,  
8765 LL Tsjerkwert.

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.  
Rabobank Bolsward, reknr. 3087.56.800  
t.g.v. It Skieppesturtsje Tsjerkwert.

## FOARWURD:

## Achte lêzers.

By it ferskinen fan dit krantsje,  
leit de fakânsje alwer efter ús.  
Guon binne nei it sinnige súden  
west, mar de measten dy't yn eigen  
lân bleaune, ha it ek troffen  
mei it waar, sa ek de thûsbliuwers.  
Nei dizze fakânsje begjinne wy wer  
mei frisse moed mei ús Skieppesturt  
Lokkich ha wy fan jimme wer aardich  
wurdearre wy tige, want súnder jimm  
Dus ha jimme nijs, jou it efkes troc



Yn dit Skieppesturtsje kinne jimme lêze u.o. oer it doarpsfeest. Sûnderlearzen wie der net op it sportfjild te ferkearen (wetter en wjirmen!), mar dochs wie it in slagge feest. Moarns spjieldie it, mar doe't it program begûn, wie it droech. Ek de barbecue, op'e lêste jûn, eindige mei reinwetter en finwaar, mar it wie gesellich. Ek kinne jimme lêze oer ús tsjerke en de flearmûzen, dy't no tige yn'e belangstelling steane. De tsjerke stiet al yn'e steigers, dat it begjin is der.

Fierders noch nijs cer ferienings, dy't wer beginne, mar hawar, jimme lêze it wol.

Jonges en famkes, dy't wer nei skoalle geane: sterkte tawinske, want nei 6-7 wike fakânsje moat it dochs wol wer efkes wenne.

Wolle jimme nije kopy ynleverje foar 1 novimber?

Sytske.

=====

#### BERICHTEN VAN DE DORPSOMROEPER:

In deze 62ste bijdrage gingen deze zomermaanden als volgt aan mij voorbij. In de maande juni werden de zitbanken weer geplaatst op de wandelroute.

Meinze Poelstra vierde z'n 83ste verjaardag.

In Bolsward omriep v.w. de intocht van de Heakeneginne.

In de maand juli mocht ik een rondgang door de straten van St. Nicolaasga vanwege de braderie en waar ik tevens een redactielid van eertijds ontmoette en wel Jan Melehers.

Vanaf 6 juli was ik weer een aantal woensdagmiddagen in Makkum als dorpsomroeper. Ik maakte een rondgang door Parrega vanwege dat Yme en Geertje Rodenburg 25 jaar in de echt waren verbonden. In dezelfde maand en wel op de 26ste was ik bij u in de huiskamer met de bel, in het t.v.-programma "Weg van de snelweg". Op de laatste zaterdag van juli in de straten van Neede (Geld.).



Een maand later maakte ik een rondgang vanwege de boerenbruiloft in Joure.

Augustus maand.

Nogmaals in de Joure vanwege de oude ambachtenmarkt en diezelfde dag Nederlands kampioenschappen van stads- en dorpsomroepers, waaraan ik in Sneek ook deelnam.

Maakte een rondgang in Koudum en een dag later in Dokkum en bijna als afsluiting van deze maand, wordt de geboorte bekend gemaakt van Pier J. Zijsling van Baburen.

Op de laatste dag op het oord der waarheid in Dokkum, de noordelijkste stad van ons land: kampioenschappen van N.O. Friesland, waar ik eindigde als 6de.

September maand.

Paulus Witteveen van de Waltaweg zijn geboorte wordt bekendgemaakt.

Maakte een rondgang in de vroegere academie-stad Franeker, vanwege de agrarische dagen en de hoogste temperatuur was tot op heden 26,5 °C en dat was op 26 mei.


Inmiddels zullen de trekvogels weer hun vakantie-oorden of paradijzen, het is maar net hoe je het noemen wilt, teruggekeerd zijn. Voor mijzelf had ik daar geen behoefte aan ook vanwege de vele kerken, dat ik er op uit trok als dorpsomroeper en de verplichtingen op de Ald Fears Erf route. Voor die anderen, die niet gingen is er altijd nog zoiets als onbezorgd thuisblijven. En de dorpsgenoten, die een vakantiegroet aan mij toestuurden, voorwaar hartelijke dank. Het aantal was ditmaal precies op de vingers van één hand te tellen.

Seoul '88: Olympische Spelen.

Als er nog één religie aanspraak kan maken op de titel van wereld-

godsdiens dan is dat de sport. Miljarden mensen over de hele aardbol zullen de komende weken via de t.v. kijken naar de Olympische Spelen in Seoul. De leer van de sport als religie is simpelweg haar doel 'sneller, hoger, sterker'. In deze religie telt niet de eeuwigheid, maar het moment van zege of nederlaag, slagen of falen. Omwille van dit

is de topsporter bereid tot een jarenlange beoefening van allerlei religieuze deugden, zoals discipline en zelftucht. In de topsport wordt de mens zichzelf tot



*Liefdadige  
Landgenooten!*

tiran en tegenstander, held en God. Het gaat om het doorbreken van de grenzen van tijd en ruimte, die de mens zijn gesteld.

Sport weerspiegelt de hedendaagse mentaliteit, die geen geduld kent en moeilijk kan wachten.

In de vroegere jaren schikten de mensen zich in hun grenzen van tijd en ruimte, die voor altijd leken te gelden. Zij probeerden het tempo van leven niet te versnellen.

Een uur gaans was een uur gaans en een dagreis bleef een dagreis. De mensen lieten zich nog niet opjagen door

klokken en chronometers. Zij kenden nog geen recordjacht. Nu kunnen zelfs vakantiereizen ontaarden in kilometers en zenuwen-vretende racepartijen. Het wijze inzicht, dat alles zijn tijd moet hebben, is zoekgeraakt. Niets en niemand lijkt meer tijd te hebben. De wereld gaat dan ook niet aan vlijt, maar aan haast ten onder.



#### Het jaarlijkse dorpsfeest.

Op de 22ste juli en de dag daarna, één van zin en één van geest. Een ieder mag voor zichzelf uitmaken, wat hij hier na afloop van het feest van vond. Over één ding kunnen we het metelkaar eens zijn: Een geslaagd feest, meende ik.

De feestcommissie oftewel bestuur van de oranjevereniging, heeft kosten nog moeite gespaard om het iedereen naar de zin te maken. En gezelligheid is nu eenmaal geen programma of spelonderdeel, maar iets dat je samen moet maken!

Op de 8ste van de 8ste maand van het jaar '88.

In China zou 8 het geluksgetal zijn, alhoewel het mij een dag eerder onbekend was.

En....op die 8ste augustus j.l. op de oude Singel van ons dorp, klonk net als eertijds in de straten van Judea en Jeruzalem, des Heren stem vol gezag, liefde en mededogen. Een 45 tal strijdmakers van het Leger des Heils uit Sneek met muziek en tamboerijn brigade bracht hun zieke medestrijder dhr. Bouw een bezoek.

Aan de omwonenden en nog een aantal uit ons dorp, werden liedbundels uitgereikt van het Leger des Heils en werd

gezamenlijk gezongen.

Totslot sprak dhr. Bouw nog een dankwoord voor dit liefdevolle gebaar.

Tenslotte, bespaar ik u verdere berichten, al was het slechts, omdat ik daarvoor een veelvoud nodig zou hebben van de ruimte, die mij ter beschikking staat. En het is ook niet zoals sommigelieden nogal eens zeggen bij hun vertrek: Ik denk, dat ik maar eens opstap, waarna ze vervolgens nog drie uur blijven zitten. En na deze laatste regels, leg ik de pen wel neer en D.V. tot mijn volgende berichten.  
Van huis tot huis wederom de hartelijke groeten van

DE DORPSOMROEPER

=====

HALLO,

Wij zijn Roelof en Joke  
de nieuwe beheerders van  
"Het Waltahûs".

De meesten zullen ons wel kennen, maar toch willen we ons nog even voorstellen aan die mensen, die ons niet kennen. Wij wonen nog in Parrega, maar komen binnenkort op Singel 13 in Tjerkwerd te wonen. Wie langs wil komen om een bakje is altijd welkom. Maar we hopen eerst iedereen te ontmoeten op onze opening van "Het Waltahûs" op 24 september a.s. vanaf 8 uur voor een drankje, hapje en een dansje.  
Oud en jong is van harte welkom.

Voor de kinderen is er van 11 tot 1 uur een gratis bakje patat te krijgen.

Tot ziens bij Roelof en Joke.



=====

DOARPSFEEST 22 en 23 JULI 1988

Minsken, minsken, wat in twa moaie dagen hawwe wy hân.  
F. Schakel en it musykkorps soargen foar de iepening.  
Dérnei wiene der bernespultsjes yn it parkje, om't it op  
it sportfjild sa wiet wie.

Alle bern kriegen nei ôfrin konsumpsje-bonnen.

It petsjebaljen waard fersetten nei de middeis. Earst wiene  
der spultsjes foar de wat gruttere minsken. Wat in wille  
mei it wetter bassin. In protte minsken waarden troch en  
troch wiet. De earste priis waard helle troch it oranje-  
bestjoer: hoe bestiet it. Om't de punten fan de 2de en 3de  
groep gelyk wiene, waarden dit de úteinlike winners.

Dielde twadde plak waard foar: Hayo Hylkema, Durk Breeuwsma,  
Anneke de Jong, Willy Breeuwsma en Sytske Dijkstra, Sjoukje  
Hylkema, Beitske Breeuwsma, Nico Postma.

Se kriegen allegearre in moaie  
parkerpen.

Dérnei begong it petsje-baljen.

Jong en wat älter diene mei.

De winners wiene:

1e priis: Dhr. W. Bakker.

2e " Alette Nauta.

Sy kriegen beide in jiskebak  
en in pinda-automaat.

It ringfytzen wie in glut sukses.

In protte minsken diene mei, it  
wie geweldich.

Hjirby hellen Steef Haarsma

(jr. stiftsen + map) en

Marco Burghgraef (sr. bier-  
glêzen) de earste priis.

Twadde priis: Else Huisman (jr. potleaden + stiftsen) en  
Sjoukje Hylkema (sr. drinkglêzen).

Nei ôfrin fan dit spektakel wie der dûnsjen yn it Waltahûs.

Foar dat jo it yn'e gaten hiene, wie it alwer moarn.

Op it sportfjild (mear in drekfjild) wie der keatsen  
en volleybaljen.



De jeugdkeats-prizen wiene foar:

1e priis: Johan Ouderkerken, Rixt Nynke Schakel en  
Steef Haarsma.

2e priis: Sjoerd Huisman, Nellie Haarsma en Durk Walsma.  
Se kriegen allegearre in medalje, in moai oantinken fan dizze striid.

It volleybaljen hiē hiel wat om'e hakken, no ja, om de teannen kin men wol sizze. It wie krekt as foar de keatsers in 'bealich fol wark om skerp te setten'.

Mar wat in wille, en dēr giet it om, of net soms!

De priiswinners:

1e priis: Menno Poelstra, Boukje Postma, Broer Dijkstra,  
Hylke Feenstra, Alie Feenstra, Peter Bakker.

2e priis: Tetsje de Jong, Sandra Velting, Jelle Zijssling,  
Marjan Posthuma, Iet Galama, Johannes Dijkstra.

De 1e priiswinners kriegen in taart en de 2de priis wie in oranjekoek. Smulle mar.

It keatsen foar de senioren, hat in wiere striid west.

Middeis koe der pas beslûten wurde, wa de winners waarden.

De útslach wie asfolgt:

1e priis: Jan Blanksma, Bertus Walsma, Cor Goeman.

2e " Anno Galama, Willem Poelstra, Johan Gaastra.

Kening fan it keatsen waard Jan Blanksma.

Hy mocht in skitterende wikelbeker yn úntfangst nimme.

Dizze beker is skonken troch ús foarsitter Jan Galama.

Dat mocht dochs wol efkes néamd wurde! Prachtich Jan, tank!

Alle keatsers kriegen in eare rûntsje yn'e wein troch ús doarp.

De weinen wiene yn it doarp, om't der ringriden organisearre wie op'e Singel. Altyd wer in prachtich gesicht, dy hynders en pony's.

De prizen: Under it sadel (pony) - Sjoukje Hylkema

" " " (hynder) - Leny Haytema

Hynder en wein - Pieter Bleker

Sy kriegen in beker.

Alle dielnimmers kriegen wat, n.l. de pony's en hynders in oranje roas yn de moannen, de weinen in oranje lint oan de swipe en de froulju fan de weinen in bosk blommen.

Hjirmei waard de middei ófslúten. De jûns brocht ús hiel wat oars.

Barbeque, of hjit dat stokje-skroeie yn it frisk?

Mar jonge, jonge, wat in wille ha wy hân.

It reinde al, mar it feest koe net stikken.  
Ik tink, dat dit in bysündere ófslúting fan ús doarpsfeest  
wie. Us doarp kin dus dochs noch feestfiere, dat blyk wol  
út dizze twa dagen.

Dat alles sa goed ferrún, ha we mei te tanken aan alle  
help, dy't we krigen fan sa'n protte minsken. We wolle se  
net stik foar stik neame, want meastiids ferjitte we dan  
guon. Mar minsken, jim ynset, help en meiwurking, wie  
grandioos. Súnder dat binne we nergens!

Noch in kear: TANK FOAR ALLES!

Hjirmei woe ik it ferslach mar ófslúte, want oan alles komt  
in ein.

Oant sjen,

It oranje-bestjoer.

%%%%%%%%%%%%%%

Klaverjassers in Tjerkwerd: gegroet.

Het is weer bijna zover, de zomervacantie is afgelopen, de  
merken zijn verleden tijd en de koudere tijden staan  
weer voor de deur.

Ideaal dus dat kaartliefhebbers in Tjerkwerd straks weer  
terecht kunnen in het Waltahûs om een kaartje te leggen.  
Zoals gewoonlijk is een ieder die van klaverjassen en ge-  
zelligheid houdt, van harte welkom.

De bedoeling is dat we dinsdagavond 20 sept ember om acht  
uur van start gaan voor de competitie. Iedereen die hier nog  
nooit aan heeft meegedaan kan rustig komen en ook aan onze  
competitie deelnemen.

Enfin, wij hopen dat er dit jaar iets meer kaarters zullen  
komen, maar daarop vertrouwen we volledig.

Een ieder tot ziens op dinsdagavond 20 september a.s., en  
denk erom\*laat de messen thuis,

\*neem een goed humeur mee en dobbel thuis even  
om wie er rijden moet.

De kaartclub.  
namens deze M.IJdema.

## BERJOCHTEN FAN DOARPSBELANG:

It winterskoft stiet foar de doar. In protte aktiviteiten binne alwer begûn.

Sa kriegen wy berjocht fan "De Stichting Basiseducatie ZW Fryslân". Dizze Stichting wol fia ús jo attint meitsje op ferskate kursussen dy't yn 1988/1989 organisearre wurde. Miskien lykt it jo wat ta. Fierder ynformaasje kinne jo hjiſunder lêze.

- Zin om weer wat te leren?

Dat kan.

Doe mee aan een kursus van de basiseducatie.

De Stichting Basiseducatie ZW. Fryslân biedt vele kursussen aan.

Bijvoorbeeld kursus beginnend lezen en schrijven, kursus praktisch rekenen, kursus engels, kursus oriëntatie op computer en automatisering of een kursus notuleren.

De kursussen zijn bedoeld voor mensen met weinig vooropleiding.

Mensen, die er op een ongedwongen manier wat bij willen leren. Tijdens de cursus leert u vooral die dingen, waar u iedere dag mee te maken heeft.


De cursussen kunnen bij voldoende deelname evt. indien mogelijk in Tjerkwerd gehouden worden.

De kosten voor deelname aan één (of meer) cursussen zijn f 25,- per jaar. Een cursusfolder met alle cursussen vindt u op het postkantoor te Tjerkwerd.

Als u meer informatie wilt kunt u ook even kontakt opnemen met het kantoor van De Basiseducatie:

J.W. Frisostr. 77,  
Postbus 173,  
8600 AD Sneek,  
tel.: 05150 - 20646.

Ek waard der yn'e simmerfakânsje in sjoelkampioenskip hâlden.



Hjir in ferslach fan in dielnimster.

Kampioenskip sjoelen,

Op 27 july wurde it kampioenskip sjoelen fan Wünseradiel hâlden yn Makkum. Dit wie op de 18 meter lange sjoelbak. Twa jier ferlyn is dit ek hâlden en doe krige Tsjerkwert de earste priis.

Dizze kear diene Bouwe Huitema, Sjoerd Breeuwsma en Sytske Dijkstra mei nammens Tsjerkwert.

Fierders diene de doarpen Ferwâlde, Skettens-Longerhau, Makkum, Wytmarsum en Eksmoarre mei.

It wie in tige spannende wedstriid, foaral doe't Makkum en Tsjerkwert mei it selde oantal punten boppe aan kamen te stean.

Neidat we nochris spielen wün Tsjerkwert. Dus de wikselse beker gie ek dit jier wer nei Tsjerkwert.

Ek kriegen wy noch in herinneringsbeker mei, as oantinken oan'e wikselpriis fan ferline kear.

Fierders waard der noch in beker útrikt foar dy persoan dy't it heechste skoarde en dy gie nei....Sjoerd Breeuwsma. Sa gongen wy mei alle trije bekers nei huis, dat it koe net better.

Sytske D.

Fanøf dit plak sizze wy de dielnimmers tige tank foar harren meiwurking en ynset. Proficiat mei it geweldige resultaat! De twa bekers binne te bewúnderjen yn it Waltahûs.

Lykás oare jierren organiseert it bestjoer van de V.V.N. 6fd. Wünseradiel ek dit jier in doarp-ferkearskwis.


Ek ús doarp kin der mei in team fan 4 minsken aan meidwaan. Dizze kwis wurdt op 18 novimber o.s. yn hotel-restaurant "De Waag" te Makkum, oanfang 20.00 oere, hâlden.

De team, dy't meidogge, stride om'e eare fan harren doarp en om de wikselse beker.

Wa't meidwaan wol, kin har opjaan by: Th. Dam, Waltawei 31, Tsjerkwert, till.: 9406.

Mar ek supporters binne fansels dêr wolkom. Hja kinne yndividueel meidwaan aan de kwis.

Wy hoopje op jimme meiwurking, sadat ek ús doarp dêr yn Makkum fertsjinwurdige is!



# examens

SLAGGE:

M.A.S. : Thomas Burghgraef, Bertus Rinze Bakker.

H.A.V.O. : Hille Schakel, Janneke Gietema, Niek Galama,

L.H.N.O. : Helena Tiesma.

V.W.O. : Anne de Boer.

M.A.V.O. : Sybolt Dijkstra, Elizabeth Bakker, Niek de Boer,  
Nico Postma, Rieneke Speerstra.

Fryslân A. : Pytsje Feenstra.

L.M.O. : Reinold Poelstra, Akke Algra.

L.A.S. : Herke Bakker.

A.B.S. (motorvoert.) : John de Wolf.

Opl. Agogisch werk : Bea Gietema.

M.M.O. : Reiny de Jong.


M.E.A.O. : Johan Dijkstra.

M.T.S. (spec. motorvoert.) : Broer Burghgraef.

Middenstandsdiploma : Rein Galama, Brandt Volbeda.

M.S.V.S. : Sijtze Gaastra.

(Zeevaartsschool)



Allegearre  
fan



herte  
Lokwinkel!

STICHTING IT WALTAHUS:

Yn it foarste plak docht it ús deugd, dat wy der yn slagge binne in nije behearder foar ús doarpshús fún te hawwen. Wy h jitte Roelof en Joke de Jong wolkom en winskje harren in goede tiid yn it Waltahús en in protte sukses.

Op 29 oktober is der in dis-co-jún foar de jeugd mei playback wedstriid. Der binne al inkeldie dielnimmers, mar der kinne noch mear by. Der binne leuke prizen te winnen. Op jaan by Sjoerd Gaastra, till: 9517.

Foar de düns-lessen hawwe har al moai wat pearen opjún. Der moatte noch al in pear by, wol it in suskses wurde.

Jo hoege jo net beslist as pear oan te melden.

De kosten bedrage ± f 85,- p.p. foar 10 lessen.


De lessen wurde hâlden op woansdei-te-jún en we woene los op 9 novimber.

Jo kinne jo noch opjaan by Sjoerd Gaastra, till.: 9517, beslist foar 1 oktober.

Dünsjen is plesier foar twa, foar jong en äld(er).

It bestjoer.

++++ Wie wil voor de komende koude winter nog sterke warme eigen-gebreide sokken hebben?  
Verschillende kleuren en ook jongenssokken.  
Herensokken vanaf f 7,50 per paar.  
Sterkere iets duurder.



A. Kroontje-Kooistra,  
Singel 12,  
Tjerkwerd.

's Middags niet thuis.

++++



Twa jier lyn, hiene wy op Singel 2, twa katten, doe't it berjocht kaam, dat ien fan ús allergysk wie foar dizze bisten.

Dus de katten fuort! Ien belanne by Joop en Leny yn Parregea en de swarte waard òflevere op Skrok by Easterein.

It wiene al wat áldere katten, mar dy yn Parregea wie samar thús. De swarte wie in wylden; syn thúsfielen waard pedagogysk oanpakt: Earst allinnich yn'e keamer en sa njonkenlytsen mei in toutsje om'e nekke in slach om it hûs.

Mar de kat seach it him aan en naaide út.

Der efter oan, mar de swarte wie sa fluch as wetter en ferdwün yn'e nearne nacht.

Skrok, skrok en wy ek.

Doe waard it winter en kåld (it liket wol in krystferhaal) en poes dèarme noch hieltiid troch it wide fjild.

It begrutte ús ta de teannen út. De wille, dat der hast wer, foar de tredde kear in álvestedentocht komme soe, waard foar ús fergalle, want wêr soe swartsje wêze? Lei er earne deaferzen yn'e underwâl??

Dochs bleau de hope libjen en eltse kear as wy in swarte kat yn't lân seagen wakkere dit flamke wer op.

It wie sels sa, dat wy yn Frankryk op in rotonde rideń en doe in swarte kat op it griene middenstikje rinnen seagen, mar dat wie him ek net.

Dit wie twa jier letter.

Doe't wy dizze fakânsje wer thús kamen en alles wer op skoalle oansette, seagen we thús tusken de goudsjeblommen in swarte kat. Soe't him wêze?

Letter op'e dei seagen we him wer; no op't tsjerkhôf.

Alie der op oan en mei in soad'poes, poes' kaam swartsje skruten tichterby.

De kat yn'e houdgreep en mei it hûs yn.

We ha him undersocht op de speciale wite stipkes en 't is him!!!

Hy is mei west nei de biste-dokter en is sa sùn as in fiskje en syn thús is no wer by de famylje Feenstra op Singel 2.

No binne wy fansels tige benijd nei wêr't er dy twa jier húsmanne hat.

BACK FROM THE STATES: WE BINNE DER WER!!

Jimme hawwe ūs miskien alwer sjoen, mar wy woene dochs  
graach ek hjir efkes fermelde, dat de Sylroede 10 wer  
bewenne wurd troch de oarspronklike bewenners!!


It is fyn om wer thûs te wêzen. Jammer wie it dat de fam.  
Swearingen it hjir net rjocht fine koe; want it is dochs  
in prachtich doarpke: ús Tsjerkwert.

Yn de Feriene Steaten fan Amerika hawwe wy in hiel moai jier hân. Fansels moasten wy ús yn it begjin tige oanpassee, mar steinlik hawwe wy it op ús skoallen geweldich nei it sin hân: Rick op High School, Arjen op de Elementary School, Grytsje en Jelte op de "Preschool"; Grytsje hat dus ek oan't wurk west as "teacher"!! Yn Loveland, de stêd yn Colorado wer't wy wennen, fjielden we ús thús en we sieten op in moai plakje fuortby de Rocky Mountains, mei faaks prachtich waar.

Troch it jier hinne, mar foaral dizze simmer, ha we in soard  
reizige. En dat is yn in lân as Amerika och sa de muoite  
wurdich. Wat in yndrukken! Wat in ferskaat.

Al mei al is sa'n jier in geweldige erfaring, mar as jo  
freegje oft we der altyd wol  
wenje woenen, dan is it  
antwurd nee.

Hjir yn Fryslân leit  
ús ferhaal mei famylje,  
freonen en doarp.  
Dus bliid, dat we der wer  
binne en oant sjen!!



Grytsje en Rick  
Arjen en Jelte

KEATSEN 1988:

Fan it keatsfront tige positieve berjochten. It waar wierre  
aardich mei, sadat we 18 kear yn't spier koene.  
De dielname wie ek poerbêst: 26 jeugdleden kamen frij

regelmjittich de tiisdei-te-jûn del en 18 senioren  
joegen acte-de-presence.

Dat binne oantallen, dy't der wêze meie.

Yn'e fakânsje drige de saak 6 wike op slot set te wurden,  
mar Sjoerd Gaastra hat de skouders der under set en de  
keatsers wiene út'e.brân.

It hat sa bêst foldien, dat Sjoerd Gaastra komt grif wer  
foar in kontrakt yn oanmerking.

Us oprop om op tiisdei-te-jûn wat te assistearjen hat, bû-  
ten Sjoerd Gaastra fansels, neat opsmiten.


In wurd fan tank is ek op syn plak by fem. Jeh. Huitema.

Wy meie altyd twa stâllen brûke foar opslach. Tige tank.

Der binne fan it jier 5 prizen foar de senioren en 15  
foar de bern.

De útslach: Senioren

1. Johan Gaastra - 93 pnt.
2. Niek de Boer - 89 "
3. Durk Breeeuwsma - 84 "
4. Gooitsen Brandsma - 76 pnt.
5. Sjoerd Huisman - 73 pnt.
6. Douwe v.d. Werff - 59 pnt.
7. Iids Schukken - 59 pnt.
8. Anne H. de Boer - 58 pnt.
9. Wyberen Poelstra - 57 pnt.
10. Anno Galama - 54 pnt.



De útslach: Jeugd

1. Steef Haarsma - 92 pnt.
2. Manfred de Wolf - 87 pnt.
3. Johan Ouderkerken - 84 pnt.
4. Nelly T. Haarsma - 84 pnt.
5. Tjeerd U. Haarsma - 78 pnt.
6. Tjeerd D. Haarsma - 77 "
7. Durk Ouderkerken - 73 pnt.
8. Rikst Nynke Schakel - 72 pnt.
9. Anke Witteveen - 69 pnt.
10. Gerrit Schukken - 69 pnt.
11. Peter Ouderkerken - 67 pnt.
12. Judith Falkena - 64 pnt.
13. Else Huisman - 63 pnt.
14. Alex Draaisma - 62 pnt.
15. Durk Walsma - 57 pnt.
16. Marieke Walsma - 55 pnt.
17. Ankemarije de Boer - 54 pnt
18. Eduard Witteveen - 50 pnt.
19. Nieneke Nauta - 50 pnt.
20. Maura Falkena - 49 pnt.

J.D.

Hellendoorn, 30 aug. '88.

Bëste redaksje,



Mei in soad nocht lèze wy alle kearen "It Skieppesturtsje".  
Us kompliminten!

Mar no ha'k in fraach.

Ik bin opsyk nei in jonge, echte, wytweiten hoanne en nei  
in jonge giel-wytweiten hoanne.

Hjir by ús yn de buert kin ik se net fine.

En no is myn fraach of der yn Tsjerkwert of omkriten ek  
fan dat hinneguod rûnrint.

Earder ha ik alris fùt Blauhús sokke hoantsjes hân.

Soe ik in oprop yn "It Skieppesturtsje" sette meie?

## Noodkreet

Sa bygelyks: OPROP

Us hinnen ha ferlet fan in jonge echte wytweiten hoanne  
en fan in jonge giel-wytweiten hoanne!  
Wa soe harren dêr oan helpe kinne?  
Skilje dan efkes 05486-54519.  
Dat is it nûmer fan Tsjalling Twijnstra  
yn Hellendoorn.



Alfêst bedankt!

As der kosten oanferbûn binne, hear ik dat dan noch even?  
Fierder tige bedankt en folle groetenissen fan ús.

Tsjalling Twijnstra, Huurmansweg 1,  
7447 EA Hellendoorn.



## VERHUISBERICHT:

Aan allen, die "De Skieppesturt" lezen.

Zoals u wel gemerkt zult hebben, is er al héél veel gebeurd in het pand Kerkstraat 5.

Ik ben inmiddels verhuisd naar Leeuwarden.

Ik wil iedereen hartelijk bedanken voor het fijne dat ik toch in Tjerkwerd gehad heb en wens dan ook iedereen het allerbeste.

Hierbij bedank ik ook voor alle lidmaatschappen.

Wie eens langs wil komen is van harte welkom.

T. Kikstra-Kleistra,  
Vondelstraat 28,  
8913 HP Leeuwarden.  
tel. 058 - 158861.

## BYDRAGEN BINNE KOMMEN FAN:

J. Dijkstra - Sondel, W. Bakker - Tsjerkestrjitte,  
M. Poelstra - Singel, Th. Haarsma - Himdyk, vrou D. Bakker -  
Arkum, F. Reidsma - Ljouwert, D. Haarsma - Himdyk,  
frou Abma - Boalsert, vrou P. Mulder - Washington USA,  
frou T. Kikstra - Leeuwarden.

oo

# BOA RGERL I K E S T A N

+++ Op Sinserhûs kaam op 5 july mij  
libben yn it nije foarein,  
Dit wie Meinse Sake,  
soan fan  
Piet en Coby  
Galama.



Ek op Beabuorren  
kaam op 28 augustus in lytsen yn'e wein.  
Dit wie Pier Jan fan Jelle en Thea Zijssling.

\*\*\* Paulus Witteveen is berne op 1 septimber op'e  
Waltawei. Hy is in soan fan Jan en Agatha.

\*\*\* Yn juny fierden Joop en Akke Nota harren koperen houliksfeest.

## Lokwinske allegearre.

## NTJS FAN DE ORANJEFERIENING:

OP FREED 9 DESIMBER WURDT DE JIERLIKSE  
LEDENGEARKOMSTE HALDEN.

ALLE LEDEN WURDE OM 20.00 OERE FERWACHTTE·YN IT  
WALTAHUS.

## KOM ALLEGEARRE SAFOLLE MOOGLIK.

IT BESTJOER.

NIJS FAN "IT PJUTTEHONK":

Ek wy binne wer mei nijje moed útein setten.

Alde en nijje gesichtsjes, 16 yn getal.

Fan't simmer mei it feest ha we in aksje holden om  
in ekstraatsje byelkoar te skarreljen.

Dat is aardich slagge.

De nammen fan de poppe en de bear waarden nèt rieden.

De poppe hiene we de namme Lutske jún. We hiene ús skat-  
haldster ferneamde.

De knyn: Gosse. Hy wie neamd nei Gosse H. om't hy sa  
spontaan mei de knyn oansetten kaam om dêrmei wat jild  
foar de boartersseal byelkoar te krijen.

In elts noch betanke!

Kom mar ris lâns om in bakje kofje op tiisdei- of tongers-  
dei-te-moarn.

Wy binne der fan 8.45 oere oant 11.15 oere.

It bestjoer.



ACHTE LEDEN FAN 'M.B.V.O'!!

Moandei, 3 oktober, sette wy wer útein mei ús gymnastykkclub 'M.B.V.O.' ûnderlieding fan vrou Lucy Schakel. It is mei gjin pirne te beskriuwen hoe fleurich en goed hja les jout!

Ferline jier hiene wy in moaie groep, 16 leden.  
Dat moat sa bliuwe.

Wy hawwe altyd in protte wille meiinoar. Dêrtroch is it tige úntspannend.

En wat mear minsken, wat mear wille.

Dêrom ferwachtsje wy jimme allegearre wer.

En net-leden tusken de 50 en 100 jier (jonger en âlder mei ek): Kom ris sjen, kom der ek by!

Oant moandei 3 oktober, fan 2 oant 3 oere yn it Waltahûs.

B.K. - H.B.

+++++

Met deze wil ondergëtekende E. Bouw u allen heel hartelijk bedanken voor de grote belangstelling, die ik tijdens mijn verblijf in het ziekenhuis van u mocht ontvangen. Ook heel hartelijk bedankt voor de vele bloemen, kaarten en de attenties, die ik zowel in het ziekenhuis als hier thuis nog mocht ontvangen. Nogmaals heel hartelijk dank, want dit alles was voor mij, ook voor mijn vrouw en zoon, een hele grote steun in deze voor ons wel hele moeilijke periode.

E. Bouw,  
Singel 26.

+++++

RESTAURAASJE FAN DE ST.PETRUSTSJERKE:

Krekt 100 jier is de toer ald en  
no stiet er wer yn'e steigers.  
It miselwurk is min, flierren en  
kezinen binne op plakken trochrotte  
en moatte fernijd wurde.

It oerwurk stiet stil en sil ek  
neisjoen wurde, sadat elk aan'st  
wer sjen kin hoe let as it is.

Ek de tsjerke, dy't folle älter is  
sil bûtenom in beurt krije, foaral  
it mitselwurk en de ankers binne min; der binne ankers by,  
dêr't neat mear fan oer is.

As dit klear is, dan ha wy in stikhinne de taseine  
subsydzje op.

Foar it prachtige ikenhouten ynterieur is dan net folle jild  
mear oer.

It stikje fan'e yngong oan't krekt foarby de preekstoel  
sil oanpakt wurde en dan allinne de súdkant.

De rest fan it ynterieur, wat op plakken striemin is,  
sil wachtsje moatte; it hie moai west, as it yn ien kear  
kinnen hie.

Wy hoopje foar in twadde faze ynkoarten yn oanmerking te  
kommen foar subsydzje.


Dan is der noch in gewelf, dêr't gatten ynfalle.

De tsjerkegongers witte it wol fan'e lucht op warme sneinen  
dat dêr boppe de hast ferneamde marflearmûzen sitte;  
no't de gatten hjir en dêr wat grutter wurde yn it gewelf  
falt der ek wolris wat trochhinne fan it ien en oar.

(dy bisten moatte har behoeft en dwaan)

Wy miene, dat de oerheid de kosten foar it gewelf en de  
kap foar de folle hûndert presint betelje moat.


It is in unike koloanje seit men, 'en dan moat der ek in  
unyk bedrach foar beskikber komme.



Wy hawwe hjir wol wat fertrouwen yn.  
De bedragen dy't yn'e 'grote pers' neamd wurde, binne  
net alhiel (siz mar alhiel net) tarikkend.  
Jimme hawwe wol troch, dat der moai wat sinten op it  
kleed komme moatte en dat ús restauraasje potsje gau  
leech is.  
Wy wolle it banknúmer fan it restauraasjefúns by de  
Bondspaarbanks yn Boëlsert wol neame: nml. 968613934.  
My tinkt, dat de St. Petrustsjerke bestean bliuwe moat,  
wat tinke jo?

Ut namme fan'e tsjerkfâldy, H.S.





## S N Y P S N A R E N

-----

- Tjeerd en Ule Haarsma sieten te fiskjen.

Wetterpolysje kaam lâns  
en fregen nei de papieren.

Ule hie aan syn rydbewizen net genôch, kosten: f 50,-




- Skoalbern sutelden mei jonge katten,  
dy't by skoalle fûn wiene. Uteinliks bedarren se by Jeh. Dykstra.



De oare moarns seine de bern fan Breeuwsma: Wat dogge jimme mei ús katten? Wat wie it gefal: Durk B. hie âld papier yn'e kontainer brocht en dêr sieten de katten tusken.

- Jan en Ineke ha útwreide:  
in foech lisboksstál foar de fytsen.



- By it oefenjen fan'e spultsjes rekke master Dam kopke-ûnder. We begripe nò wêrom de oranjeferiening de earste priis wûn hat. Jawis, stiekum oefene!
- De earste rit mei de nije landrover fan Jeh. en Sytse ferrûn frjemd.  
Se rekken fêst op Ymswâlde.  
Jeh. sei: "Skuor him der mar út mei de trekker.  
Hy moat der oer kinne!  
Mar de bumper koe der net oer.
- Wêr moasten de froulju pisje,  
by it barbecuefeest  
okkerdeis op Ymswâlde?  
Nico P. hie noch in kreaze w.c.pot  
stean.  
Wat opkreazje en te plak bringe  
mei de kuilnsnijer.  
It gehiel kaam héél oer.  
Mar ien "windje" en de pot lei  
yn skerven.
- Kopy ynleverje foar 1 novimber.



3



3